

JAARVERSLAG 2024

It gondelvaart seizoen 2024 startte foar de leden fan ON op 20 januari mei it jierlikse ON uitje. Dit kear de organisatie yn handen fan Anne Piet en Bernice. We binne mei us allen nei Ljouwert west. In puzzeltocht troch de haadsted, een moorddiner by in restaurant en sliepe yn in gevangenis yn de Blokhuispoort. Dit wie in geslaagd wiekein.

Op 9 februari stie de sponsorjûn plant yn de Fermanje. Alle sponsoren waarden útnoege, de opkomst soarge foar in moaie jûn. Gouke de Vries wie de gastsprekker fan dizze jun.

16 maart stie NL Doet op it programma. Yn 2024 stie dizze dei yn thema fan it oplapjen en opfrissen fan de Wiksel, we wienen mei us allen drok yn it spier. Middeis stie it jierlikse fotomoment op it programma. Mei ús allen as familie Flodder op de foto, dit soarge foar hiel soad wille.

De ledenvergadering en foarbesprekking fan Gondelvaart 2024 stie op it programma op 5 april. Dizze jun hie in moaie opkomst. Jan en Marjan waarden bedankt foar hun jierenlange ynset yn de feesttinte. Broer vertelt oer de begrutting en de nije gang fan saken yn de feesttinte. It ON gjit de tinte self útbaatsjeb. Oan it einde fan de jun hienen wy al 9 opjeftes fan de buurten en de dei dernei kaam opjeftes nummer 11.

Op 22 juni kaam ús nije gondel fanút Blauwe Stad helemaal nei Aldeboarn. In goeie tafoeging yn de vloot.

Op 1 juli makken wy bekend dot we Gondelblond ferkeapjen gienen. Us dank oan Proza Brouwers. Wat wie it in sukses, alles wat we ynslein hienen, wienen we gau kwyt oan olle minsken! We haw in soad positieve reaksjes kriigen.

Midden juli is ús spandoekploech begien mei it pleatsen fan de spandoeken om de Gondelvaart sichtber te meitsjen, op ferskate plakken yn ús regio.

Op 27 juli waarden de gondels it doarp yn fean, goeie opkomst fan de buurten om te helpen en prachtich waar dizze dei.

Op 3 augustus stie us eigen koning Toto by de Toer om de bingo kaarten te ferkeapjen en holp Monique mei de ferkeap fan ús Gondelbier.

En toen wie it safier. Gondelvaart 2024. De start wie op tongersdei 29 augustus mei middeis foar de lytse Boarnsters de foarstelling Eigenwijs yn de gymseal by de Boarne. Op it feestterrein wie foar de aldere jeugd Expeditie Robinson organiseert troch Sportjuf Lucie. In soad bern dienen mei in soad enthousiasme mei.

Júns yn de feesttinte stie Spikerslaan op it programma. De buurten striiden onderling foar de winst.

Freed stie dan de Gondelvaart op it programma. We begûnen mei de jaarmarkt, dit jier noch uitgebreider as it jier derfoar. En toen wie it om 21:00 donker langs de Boarn en wienen de gondels klear om te starten. Der wienen dit jier 11 prachtige gondels bouwte. De earste gondel wie de ON gondel mei de band Almondegas. De winnende gondel dit jier wie fan it Eastein mei de gondel 'toen was Zwart-Wit' heel gewoon.

Sneons gong we fjirder mei de buurtkamp en dernei fjirder mei de earste editie fan de bingo yn de feesttinte. De bingo wie in enorm sukses, de tinte stie hielendol fol en der wienen geweldige prijzen. Ut it doarp ha wy allinich maar positieve reacties heart. Júns wie de priisutrieiking yn de feesttinte.

It Gondelvaart- wiekein waard ausleaten mei in Gondeldienst by it Molkefabriek. Piter Wilkens hat in optreden dien. De Gondeldienst hie in moaie opkomst en prachtig waar.

Op 7 september binne de gondels wer nei de opfeart brocht.

Op 12 december wie de evaluatie vergadering mei de gemeente oer de Gondelvaart. Fanút de gemeente allinich maar positieve gelúden.